

**“Fakânsje en de Bibel”**



## Sjonge foar de tsjinst:

Liet 212: 1, 2, 3, 4 Nij Frysk Lieteboek. '*Lit mei ús sangen...*'

1. Lit ús mei sangen dizze dei ûntfange!  
Dat wy de Skepper mei ús lieten priizje  
no't wy ús tankber oer syn Ijocht ferbliidzje,  
Loovje de Heare!
2. Hy dy't de grûn is/ fan al wat jûn is  
en dizze nacht in earm wie om ús hinne,  
ropt ús no fleurich nei de earste sinne.  
Loovje de Heare!
3. 't Is troch syn segen/ dat wy ús bewege,  
dat hinnen warkje en dat fuotten rinne  
en wy mei hert en mûle sjonge kinne.  
Loovje de Heare!
4. Oarsprong fan 't goede, / Jo dy't ús behoeden,  
stean elke nacht en dei dat wy hijr binne  
mei al jo geunst en goedens om ús hinne.  
Loovje de Heare!

## Stil gebed

## Votum en groet

Sjonge Liet 150A: Nij Frysk Lieteboek. '*O priizgje de Hear...*'

1. priizgje de Hear om 't wurd dat Hy brocht.  
Sjong bliid ta syn ear, jim ingels fan 't Ijocht.  
Foar dy't alles makke, sjong himels, in liet,  
bring tank oan de lene, dy't noed foar ús stiet.
2. O priizgje de Hear! Oanbid Him, o wrâld,  
dy't lykas in heit fan minskebern hâldt.  
O loovje jim Heare mei jûchende stim.  
Wês bliid mei syn leafde en libje foar Him.

3. O priizgje de Hear! Lit klinke rûnom  
in liet ta syn ear: Hy sjocht nei ús om.  
Lit jubelje\_it oargel, lit harp en trompet  
de gloarje fertolkje fan Him dy't ús rôdt.
4. O priizgje de Hear! Foar Him is ús liet,  
dy't no en tenei ús helpt en ús liedt.  
Om ierdske ûntjouwing, om himelsk genot,  
syn geunst en ferjouwing: o priizgje ús God!

### Bidde

#### Sjonge : Liet 310: Nij Frysk Lieteboek. '*Ien is de Hear...*'

1. Ien is de Hear, gjin oare goaden  
fertsjinje earbied en ûntsach.  
Gean op 'e wei fan syn geboaden  
en slaan op jimm' befrijer acht.
2. Hâld dan syn namme heech yn eare,  
misbrûk dy net yn wurd en died  
en wol ek tankber respektearje  
syn dei, syn rêst as in geniet!
3. Slaan wat wy fan ús foarfaars learden  
net ûnbetochtsom yn 'e wyn.  
Wol nimmen dy't dy kweadocht deadzje,  
wa't haatsje wol is sjende blyn.
4. Brek gjin ferbûn, yn leafde sletten  
mar hâld dy oan dyn wurd fan trou.  
Fan stellen wurdt gjin minske better,  
nim fan gjinien de freugde ôf.
5. Leagen en laster? Falske goaden!  
Begear net wat dyn neiste hat.  
Gean op 'e wei fan Gods geboaden –  
en slaan op jimm' befrijer acht.

## Gebed om stipe fan de Hillige Geast

### Lêze lepenbiering 21: 1 -5

*Doe seach ik in nije himel en in nije ierde: want de earste himel en de earste ierde wienen foarby, en de see wie der net mear. 2. En ik seach de hillige stêd, it nije Jeruzalem delkommen út de himel, by God wei, tarist as in breid, dy't har moai makke hat foar har man. 3. Ik hearde in lûde stimme dy't by de troane wei rôp: No is Gods wente by de minsken, Hy sil by harren wenje, hja sille syn folk wêze en God sels sil by harren wêze. 4. Hysels sil harren alle trienen út 'e eagen feie, en de dea sil der net mear wêze, likemin as rouwe, gegûl of pine; want al it âlde is foarby. 5. Doe sei Hy dy't op 'e troane sit: No meitsje ik alles nij. En Hy ferfette: Skriuw it op, want dizze wurden binne betrouber en wier.*

### Sjonge: Frysk Lieteboek 766: 1 en 3. 'Ik seach in nije himel...'

- 1      Ik seach in nije himel him ferheffen,  
in nije wrâld begûn,  
om it geheim fan 't libben te beseffen,  
de see waard net mear fûn.  
  
Ik seach in stêd yn folle glâns en gloarje,  
der't alles feestlik wie,  
Jeruzalem, de stêd fan Gods fiktoarje,  
Dy't Him foar eagen stie.
  
- 3      De Kening dy't syn troan hat fier omhegen,  
hâldt by de minsken hof,  
en alle triennen sil Er fan har eagen  
ôfwickje ta syn lof.  
  
Dêr is gjin dea, dêr is gjin rou te finen,  
it âlde giet foarby,  
de earste dingen binne \_al lang ferline,  
Hy makket alles nij!

## Lêze: Preker 4: 4 – 6

*Ik seach ek dat alle ynspanning en bekwamens by it wark kleare oergeunst is fan 'e iene op 'e oare. Dat is ek neat en jacht meitsjen op 'e wyn. It is in dwaas, dy't de earmen oer elkoar docht en syn eigen fleis fertart, mar dochs is ien hâfol rêst better as beide fûsten fol skreppen en jacht meitsjen op 'e wyn.*

## Sjonge: Weerkank 354: 1 en 2. ‘*Rust mijn ziel, uw God is Koning...*’

(= gezang 179 uit de Hervormde Bundel en gezang 53 uit de aanvullende 30 gezangen Geref. Kerk)

1. Rust mijn ziel, uw God is Koning,  
heel de wereld zijn gebied.  
Alles wisselt op zijn wenken,  
maar Hij zelf verandert niet.
2. Ieder wil hier steeds verandering  
en betreurt die dag aan dag,  
hunkert naar hetgeen hij zien zal,  
wenst terug wat hij eens zag.

## Lêze Mattéus 11: 28 – 30

*Kom by My, allegear dy't wurch en swier beladen binne, en Ik sil jimme rêst jaan. Nim myn  
jok op 'e skouders en lear fan My myld en dimmen te wêzen, sa 't Ik  
bin. Dan sille jimme in  
plak fine om te rêsten, want my jok draacht maklik en myn lêst is licht.*

## **Sjonge ELB 411 : 1 en 2. ‘Jezus leeft in eeuwigheid....’**

Jezus leeft in eeuwigheid.  
Zijn sjaloom wordt werkelijkheid.  
Alle dingen maakt Hij nieuw.  
Hij is de Heer van ons leven.

Straks als er een nieuwe dag begint  
en het licht het van het duister wint,  
mag ik bij Hem binnengaan,  
voor zijn troon gaan staan,  
hef ik daar mijn loflied aan:  
Jezus leeft in eeuwigheid.  
Zijn sjaloom wordt werkelijkheid.  
Alle dingen maakt Hij nieuw.  
Hij is de Heer van mijn leven.

Straks wanneer de grote dag begint,  
en het licht voor altijd overwint,  
zal de hemel opengaan,  
komt de Heer er aan,  
heffen wij dit loflied aan:  
Jezus komt in heerlijkheid.  
Zijn sjaloom wordt wereldwijd.  
Alle dingen maakt Hij nieuw.  
Hij is de Heer van ons leven.

### **Oertinking**

## **Sjonge Frysk Lieteboek 62: 1. ‘Myn siel is ta de Heare stil...’**

Myn siel is ta de Heare stil.  
Ik wachtsje dimmen op Gods wil,  
Hy mei myn heil, myn taflecht hjitte,  
de stienrots dêr 't myn hûs op stiet,  
de berch dy't wank'let noch fergiet;  
'k sil fan gjin fal noch wifkjen witte.

## Tankgebed

## Kollekte

**Sjonge: ELB 188: 'k Stel mijn vertrouwen op de Heer mijn God'**

'k Stel mijn vertouwen op de Heer mijn God.  
Want in zijn hand ligt heel mijn levenslot.  
Hem heb ik lief, zijn vrede woont in mij.  
'k Zie naar Hem op en weet: Hij is mij steeds nabij. 2x

**Bea om Gods segen mei sprutsen amen**

**Sjonge: Frysk Lieteboek 425**

Wy gean mei jo segen, bliermoedich ús wegen  
Jo wurd fan omhegen, joech ús nije moed  
Hy dy't ús beháld is, it Ijocht fan' e wrâld is  
Wol waarmje wat kåld is, mei syn leafdegloed  
Wat Kristus ús learde, is sied ta bekearing  
Wy siedzje\_it op ierde en wachtsje\_op wat komt  
En únder de hoede, fan Him dy't ús stjoerde  
Sill' leafde en goedens, aanst dije rûnom